

FRYSLAN-A EKSAMEN
18 april 2015

III Staveringsopdracht

(45 min.)

A. Diktee (om ende by 15 minuten)

Ik bin in fleurige hûn dy't it libben nimt sa't it op him ta komt. Mar it libben is einich, ienris moatte wy hjirwei. Wy komme yn dit libben, binne hjir in setsje en geane wer fuort. Dat wit elkenien en ik haw it ek altiten witten.

Fjouwer jier lyn haw ik myn maat ferlern, Skipper hiet er. Hy hie sûkersykte en dat skynt in min ding foar in hûn te wêzen. Hy wie mar in pear jier âlder as ik, mar folle mânsker. As Skipper syn frou in bal yn it wetter smiet, dan besocht dy rotsek om my te fersûpen. Ik koe folle hurder swimme as hy, dat ik wûn altiten. Mar as ik dan mei de bal nei de wâl ta swom, dan swom hy oer my hinne en treau my mei syn grouwe bealch ûnder wetter. Ik moast dan de bal wol loslitte.

Ut: Jelke Bos, *Tinzen oer it Libben en oer de Dea* (bewurke)

FRYSLAN-A EKSAMEN
18 april 2015

III Staveringsopdracht

(45 min.)

De ûnderdielen B en C duorje meielkoar om ende by 30 minuten.

B. Wat is goed? Skriuw allinnich it nûmer op en de letter foar it wurd dat goed stavere is. Mei-inoar 16 punten.

- | | | |
|---|---|--|
| 1. a. gatsjepanne
b. gotsjepanne
c. gatsjeponne | 7. a. sunich
b. súnich
c. sunig | 13. a. bwartsje
b. buoartsje
c. boartsje |
| 2. a. ûndraaglik
b. ûndraachlijk
c. ûndraachlik | 8. a. viadukt
b. fiaduct
c. fiadukt | 14. a. ferblieauw
b. ferbliuw
c. ferblieuw |
| 3. a. individu
b. yndividu
c. yndifidu | 9. a. sy hat boud
b. sy hat bout
c. sy hat baud | 15. a. sûrkoal
b. soerkoal
c. soerkool |
| 4. a. ivichheid
b. ieuwichheid
c. ivichhied | 10. a. theewetter
b. teewetter
c. téwetter | 16. a. moeilik
b. muoilijk
c. muoilik |
| 5. a. alyby
b. alybi
c. aliby | 11. a. oerémis
b. oeremis
c. ûrémis | |
| 6. a. ynterferînsje
b. interferinsje
c. ynterferinsje | 12. a. ienfâldich
b. ynfaldich
c. ienfaldich | |

C. Ferbetterje de flaters yn dizze sinnen. As flaters wurde rekkene: flaters neffens de Fryske staveringsregels; it ferkeard of net brûken fan haadletters, lytse letters, skrapkes, skerp- of breedtekens; it ferkeard oaninoar of los skriuwen fan gearstallings. Skriuw de hiele sin oer.

1. Wosto graach mei te ylfiskjen jûn?
2. De postdo wie wurrig fan it lange ein fleanen, hy wie blied dat er thus wie.
3. Sân en wetter: alle bêrn meie dêr graach mei boatsje en barchje.
4. In soad bedriuwen hawwe bot te lijen fan internetwinkels en geane fallyt.
5. Nei it slimme ûngemak frege de man oan de plysje ot syn auto noch te brûken wie.
6. Guon hoeken fan Fryslân binne as wengebiet noch populair, oare hoeken net sa bot mear.
7. Oan 'e iselmar is de wyn kâlder en fûler as yn 'e Wâlden.
8. De psycholoog seach har ferheard oan en frege wat de wjirheid wie.
9. Jimme hawwe ek wol heart fan dy eksploazy op dat yndustrieterrein?
10. Wa't simmerdeis op fakansje en fan hûs wol, moat goed neitinke eart er in húsdier nimt.